Inkje van Netten - Boersma

1946 - 2025

Foar altyd ôfskie nimme, it docht sa sear.
Mem wat freegje, it kin net mear.
Mem har dwaan en wezen wy ferjitte it net.
Mem bliuwt foar altyd yn ús hert.

Nei in libben dat tekene waard troch ienfâld, gesellichheid,
soarch en leafde is ynienen fan ús hinne gien,
ús leave mem en beppe

Inkje van Netten - Boersma

☆ Allingawier, 1 maart 1946 † Heech, 5 septimber 2025

Sûnt 6 septimber 2004 widdo fan Wijtze van Netten

Siepie en Thomas
Thialda
Dedmer

Pier en Bettie
Brechtje Inkje Hieke
Hanna Wytske

Gerrit

Fêste rots fan myn behâld
Ges. 189a Evang. liedbundel

De tanktsjinst foar har libben wurdt hâlden op tongersdei 11 septimber om 14.00 oere yn de Hagha tsjerke yn Heech.
Oanslutend sil de begraffenis dêr plakfine.

Fan 13.30 oere ôf is der gelegenheid om te kondolearjen.

De tsjinst is ek te folgjen fia bvuitvaartzorg.nl/gedenkpagina

Skriuwadres: Famylje van Netten
p/a Boermans & de Vries Uitvaartzorg |De Draei 13 | 8621 CZ Heech